



Ut 'e Pinne
Ferienigingsblêd fan it Frysk Selskip
'Fier fan Hûs' Apeldoorn
Sûnt 9 desimber 1901



59^e jiergong nr 1 – septimber 2025

Personalia

Eareleden

Aafje Miedema - Loonstra.

Hennie Wiersma - Wiersma

Lammert Toering

Theun Ruim

Bestjoer

Foarsitter: Henk de Boer

De Wezeboom 4, 6971 HP Brummen
06-53929111 henkank.deboer48@kpnmail.nl

Skriuwer: Gerrit Stegenga

Germanenlaan 26, 7312 JA Apeldoorn,
055-3556700
fierfanhus.apeldoorn@gmail.com

Skathâlder: Piet Ypma

Croddendijk 3, 7434 PM Lettle
06-22898901 p.n.ypma@planet.nl

2^e Foarsitter:

fakatuere

Lid: Froukje de Wilde – Witteveen

Rentmeesterhof 7, 6961 DB Eerbeek
0313-654859, witwil1940@gmail.com

Lid / ferlotting: Lammert van der Meulen

De Parkelaar 11, 7339 JC Ugchelen,
055-5341500
lammervandermeulen@kpnmail.nl

Lid gastfrou: Atsje Roorda - Kooistra

Karel de Grotelaan 221, 7415 LV Deventer
0570-591174

Kritemeilibjen

It Kritemeilibjen wol graach op 'e hichte hâlden wurde fan sykte, ûngemak, en jubileums. Dan kinne wy meilibje troch in tillefoantsje, in kaartsje of in bisite.

Hennie Wiersma

Warenargaarde 787, 7329 GR Apeldoorn,
055-5337614

Jose Bonder

Arbeidstraat 12, 7311 CT Apeldoorn,
055- 5223656

Sietske Stegenga

Germanenlaan 26, 7312 JA Apeldoorn,
055-3556700

Foto foarside: Fogelsangh State yn Feankleaster

De hjerst komt tichterby, meteorologysk is er al begûn. Ik skriuw dit op 14 septimber; noch ien wike en dan begjint de hjerst neffens de kalinder. Stive rein en ûnwaarsbuien hawwe wy al hân. En as wy de meteorologen leauwe meie, en wêrom soenen wy dat net, dan krije wy in ûnrêstige hjerst. Op de oseaenen is noch mar in bytsje orkaanaktiviteit. Mar it komt wol.

En omt wy oant no ta mar in pear orkanen op de oseaenen hân hawwe, krije wy dat letter yn dizze hjerst sa folle te mear. En dat merke wy op it fêstelân. Unrêstich is it ek yn de wrâld, oarloch yn east Europa, oarloch yn it Midden-East en alderlei skermutselingen yn parten fan Afrika en súd Amerika. Dan ek noch in harlekyn, of sinesappel, as president yn Amerika. Wat yn ûnrêst.

Litte wy der mar in rêstich en noflik kritesezoen fan meitsje. Wy binne al begûn mei ús kriterimidei yn septimber. Omt it dit jier 80 jier lyn is dat de twadde wrâldkriich ophâlde, hat Piet Ypma in pear moaie filmkes sjen litten as tebeftinken oan dy tiid. Dat sjoen hawwend sizze wy noch altyd dat noait wer. Litte wy hoopje dat dit ek sa is.

Op 8 novimber komt Age Veldboom mei in moai ferhaal, lêse hjirroer mear fierderop yn de Pinne. En dan komt ús jubileumjier. Us skriuwer, Gerrit, skriuwt fierderop in de Pinne al in bytsje oer de aktiviteiten in dat jubileumjier. Hûnderdfyfentweintich jier is net niks. Sa'n perioade sil der net wer by komme. Mar wy wolle noch wol in pear jier trochgean, al sille wy wol wat minder aktiviteiten organisearje, sjoen nei it tebekrinnen fan ús ledetal.

Op sneon 2 augustus siet der in nijsgjirrige tahekke by de Telegraaf, foar it grutste part oar Fryslân, mei de titel: FIER OP FRIESLAND. Spitich dat it der yn it Nederlânsk op stie. Mar der stienen hiel aardige artikels yn. In part fan de artikels gong oer minsken dy't ferhuze wienen fan it 'wilde westen' nei Fryslân. Ut dy ferhalen liket it oft dy westerlingen noch nea fan Fryslân heard hienen. Se tochten dat it yn Fryslân mar in deade boel wêze soe. Der soenen eigensinnige minsken wenje. Foar de measten is it in iepenbiering. 'Warm welkom in Friesland' is de kop fan in artikel. 'Rust en ruimte' in oare kop, of noch ien: 'Dit hadden we veel eerder moeten doen'. Ek in moai artikel oer it Fryske hynder: 'Sierlijke zwarte parel'. 'En wist je dat er nergens zoveel likeuren en kruidenbitters worden geproduceerd en bedacht worden dan in Friesland?' Kinst ek lêze yn de tahekke. De kop is: 'Luilekkerland van de likeur'.

Ek yn in oare media koe men lêze dat Fryslân as fakânsjeprovincje hyltiid better scoort.

Ferline jier mear as in miljoen fakânsjegasten. In trend dy't dit jier fuortsetten wurdt.

Dêrom: Fryslân, meitsje dy mar klear foar in invaasje, mar dat sil wol tafalle, tink ik.

Mar dochs moai, sa'n positive tahekke oer Fryslân fan de Telegraaf.

Op nei ús kriterimideis, mei foar in protte ûnder ús in advokaatsje, leafst mei slachtrjemme, tink ik.



As jimme dit stikje lêze, is it seizoen 2025 – 2026 al wer begûn.

Wy hoopje dat it wer in moai seizoen wurde mei. It bestjoer is dwaande west mei de gearstalling fan de kriteaktiviteiten en winsket jimme in protte wille ta.

Foar it bûsboekje

It bestjoer hat it programma foar 2025 – 2026 yn grutte halen klear. It sjocht der sa út:

17 septimber 2025: kritemiddei yn de Duiker. Dizze is efter de rêch. Earst hat it bestjoer praat mei de minsken fan it kriteilbibjen, dêrnei mei de kontaktpersoanen en fanôf 14.00 oere wiene alle oare leden wolkom.

8 novimber 2025: kritemiddei yn de Duiker om 14.00 oere. De seal is fanôf 13.30 oere iepen. Age Veldboom komt mei in neisgjirrich ferhaal oer de 'Fryske Reedrydhistorje en Alvestêdetochten'. Dit duorret 1½ oere, mei in skoft nei 45 minuten. Meielkoar dus sa'n twa oeren, of wat langer as wy noch neisitte wolle.

10 jannewaris 2026: De nijiersbesite yn Ugchelens Belang; wy tinke oer in stampotmiel en dêrfoar noch in lyts programma om mei elkoar it nije jier ôf te winnen. Start om 15.00 oere, ite om 17.00 oere en dan is is sa om 19.00 oere hinne wol klear.

Opjefte foar it stampot-iten op 10 jannewaris 2026. Graach foar 5 jannewaris 2026 by de skriuwer, Gerrit Stegenga. Till 0553556700, of fia e-mail fierfanhus.apeldoorn@gmail.com

28 maart 2026: Programma yn Ugchelens Belang. De moarns (f.ô. 10.00 oere) is de Algemiene Gearkomste fan it Keninklyk Frysk Boun om Utens, en nei it middeisbrochje de Moetings- en Ynspiraasjemiddei fan it Boun.

Hjirnei hat ús eigen krite in programma, mar dat moatte wy noch ynfolje. De dei kin eindigje mei mei-inoar te iten. Op dizze dei wolle wy ek it 'startskot' jaan fan ús jubileumjier.

11 april 2026: ledegearkomste yn de Duiker.

16 septimber 2026: in kritebarren om ús jubileum te fieren. Wy moatte it noch ynfolje. Wy tinke oer in boattocht of sa wat, sa't eltsenien dy dat wol, mei kin.

9 desimber 2026: de offisjele fiering fan ús jubileum mei in resepsje of sa wat. Us krite 'Fier fan Hûs' bestiet op dizze dei 125 jier.

Kriteilbibjen

Op 28 july ferstoar ús lid Bero Postma yn de âldens fan 86 jier. Fierderop yn dizze Pinne wurdt hjir noch oantinken oan jûn. De krite hat op dit stuit noch 78 leden.

Saken út it Keninklik Frysk Boun om Utens


Op 29 maart 2025 waard de Algemiene Gearkomste fan it Boun hâlden yn Nieuwgein. De moarns de ledegearkomste.

Yn de Moetings- en Ynspiraasjemiddei wie de hear Sjirk Bruinsma te gast. Hy is de foarsitter fan de Fryske Beweging, in stifting dêr't ferskate kulturele organisaasjes yn en bûten Fryslân aktiviteiten ûndernimme op it mêd fan Fryske taal en kultuer.

Yn it programma fan de gastkrite fan dizze dei, Utert/Seist, kaam it duo Klún en Knoffelhakke mei in hylarysk programma, dat soms wol 'op it randsje' wie, mar tige yn de smaak foel.

Op 28 maart 2026 is 'Fier fan Hûs de gastkrite foar de Algemiene Gearkomste en de Moetings- en Ynspiraasjemiddei.

Us krite sil yn de middei in eigen aktiviteit hawwe, en wy tinke der oer om mei-inoar te iten en sa de dei ôf te slûten.



Frieze-producten.nl

Online Friese kado's

Kado's
Kalenders
Sleutelhangers
Wenskaarten
Shirts
Vlaggen • Stickers • Agenda's
Truien • Sokken • Handdoeken
Sjaals • Mutsen • Glazen
Mokken • Snoep en ...
nog véél meer!

Webwinkel met meer
dan 500 Friese artikelen.
Vandaag besteld,
overmorgen in huis!

www.frieze-producten.nl

06-53259385

HAIRSTYLING DICK

UW HAAR IS ONZE HOOFDZAAK

055 3555991

ASSELSESTRAAT 269
7312 CV APELDOORN
06 5558174

HAIRSTYLINGDICK@HOTMAIL.COM
ING 653115008

HOZA

SUPERCENTER

Voor vakman en hobbyist

GEREEDSCHAPPEN - TUINHOUT - TUINMEUBELEN

Zwolseweg 323 7345 AA WENUM-WIESEL

055 - 521 98 75 * info@hoza-apeldoorn.nl * www.hoza-apeldoorn.nl

It Goddeleas Tolhûs.

út Fryske folksferhalen Waling Dykstra

Oan de noardwestkant fan de Skele Piip is in âlde lange wei, de Goddeloaze Singel, oan it Goddeleas Tolhûs ta. It is in âlderwetsk partikulier tolhûs, ek in lytse buorkerij, eartiids ek tapperij, dêr't men in buorrel keapje koe, mar ek in beker molke. Hjir waard tol frege fan fuotgonger en reau. Der komt net folle lâns, wat te begripen is. Want as men oer de âlde brêge is, komt men yn de spookleane, de Swartzenbergsreed.

Op dit tolhûs wenne earder in raren-ien, dy't as hobby hie minsken te fermoardzjen en dêr better fan wurde. Hoefolle moarden as hij dien hie wie net bekend, mar wis is dat it net feilich wie op de wei dêre. It hat in kear west doe't men de brêge dêr by it tolhûs meitsje soe, letter barde dat net wer, dat men dolde yn de grûn en it bonkerak fan in minske fûn. De bewenner fan it tolhûs waard frege as hy der in idee fan hie wa't dêr in lyk begroeven hie, mar hij wist fan neat. Mar it gefal makke sa'n yndruk op him, dat hij him ferhong. Syn siel koe gjin rêst fine. Jierrenlang spoeke it yn de omkriten fan it tolhûs. Yn Feanwâlden binne noch minsken dy't witte dat op dat tolhûs in man wenne dy't Gerben Goddeloas neamd waard. Doe't ik in pear jier lyn dat delkaam en oan de frou dy't foar de doar stie de tol betelle, frege ik har at sij ek wist hoe't it tolhûs oan sy'n namme kaam. Sij wist der neat fan, mar fertelde al dat yn de feart, dy't bij de goddeleaze singel lânsrint ien fermoarde wie. Der sieten trije man yn in skipke, twa fan hun goaiden de tredde derút, treauden him ûnder it skip dat hij net roppe koe en ferdronk. Ik brocht har Gerben Goddeloas yn't sin en sij sei: "Ja Gerben wie al in raren-ien, mar hij krige syn bijnamme troch it tolhûs, en it tolhûs net troch him."

De Lears

út Fryske folksferhalen Waling Dykstra

Yn Greonterp yn Wonseradiel stiet in pleats dy't De Laars hjit. Hjir wenne eartiids in boer dy't ochsa earm wie. Hy klage der faak oer en wie ûntefreden. Syn ferlet fan jild hie him alhiel yn 'e macht. Mar op in dei kam de duvel by him, dy't de boer tasei in soad jild te jaan as de boer syn siel derfoar oan him jaan woe. Mar doe begriep de boer, dat hy op syn iepenst wêze moast. Want syn siel wie úteinlik it kostbaarste dat hy te ferliezen hie. Dêr moast aardich wat jild foar betelle wurde. It moaiste soe wêze at hy moai wat jild fan de duvel krige en doch syn siel hold. Hij gie út en troch te fiskjen en dêr hie hij in pear grutte wetterlearzens foar. Hij woe no fan de duvel sa'n lears fol jild ha, dan soe de duvel syn sin krije. Se akkoarten dat de duvel de nachts om healwei tolven foar it rût komme soe. De boer hoechde dan allinne mar it rût iepen te dwaan, de lears nei bûten te stekken en dan koe de duvel it jild der maklik yn dwaan. Hie de duvel de lears foar tolve oere net oan boppen ta fuld mei jild, dan bleau de boer frij. De satan naam dit útstel oan, want it liek him in kleinichheid om yn in healoere sa'n lears te follen mei jild. Mar de boer brûkte in âlde lears dêr't gjin soal mear ûnder siet. Dy nachts om healwei tolven wie de duvel presint en hie in sekfol jild meinommen. Hij leechde de sek yn de lears, mar doe wie de lears noch mar healfol. De duvel fleach hinne en wer, mar ek de twadde sek mei jild makke de lears net fol. De domme duvel begriep net, dat de lears fan de boer in trechter wie. En doe't de klok middernacht sloech, wie de lears noch net oan boppen ta fol.

De duvel wie syn jild fergees kwyd en de boer wie ryk. Fan blidens liet hij in nij spul sette, mei in stientsje yn de foarein, dêr't in lears op stie. Dêrom hjit dit hûs altyd noch "De Laars".

Oantekens fan de Algemiene Ledegearkomste oer it jier 2024 fan it Frysk Selskip "Fier fan Hûs", Apeldoarn e.o. op 12 april 2025 yn de Duiker, Ugchelen

Konsept

1. Iepenjen

Om 14.00 oere iepenet de foarsitter, Henk de Boer, de Algemiene Ledegearkomste fan it Frysk Selskip "Fier fan Hûs" oer it jier 2024, yn de Duiker te Ugchelen.

Oanwêzich binne de bestjoersleden Henk de Boer, (foarsitter) Lammert v.d. Meulen, Atsje Roorda, Froukje de Wilde, Piet Ypma (ponghâlder) en Gerrit Stegenga (skriuwer).

Der binne fierder 16 leden; dêrûnder de eareleden Aafje Miedema, Lammert Toering, Theun Ruim en Hennie Wiersma (en fierders: sjoch presinsjelist).

In ôfmelding is der fan Symon Kingma.

Mei in wolkom oan allegearre iepenet Henk de Boer de gearkomste.

Nei de gearkomste sil Sippy Tichelaar fertelle oer har boek 'Schipperfrouen'.

2. Fêststellen fan de wurklist

Oan 'e wurklist wurdt neat tahekke.

3. Meidielings

Symon Kingma wurdt neamd as dejinge dy't him ôfmeld hat.

Henk de Boer seit dat de drukker fan de Pinne oanjûn hat om ein 2025 dermei op te hâlden, dus dêr moat in nijen-ien foar komme.

As lêste meidieling seit Henk de Boer dat Gjalt Wester him ree ferklearre hat en wurdt kaskommisjelid. Dat is fansels in goed berjocht.

Hjirnei wurde de leden dy't yn 2024 ferstoarn binne, steand betocht.

Nei de gearkomste sil Sippy Tichelaar in ferhaal hâlde oer har boek 'Schipperfrouen'.

4. Ynkommen en útgjene stikken

Der binne gjin ynkommen en útgjene stikken dy't yn de gearkomste neamd wurde moatte.

5. Ynfentarisaaasje punten fan omfreegjen (sjoch wurklistpunt 14)

Hennie Wiersma seit dat se dan wat te freegjen hat.

6. Oantekens fan de Algemiene Ledegearkomste fan 13-04-2024 (oer in kritejier 2023)

De oantekens steane yn de lêste Pinne. Der binne gjin fragen of opmerkings oer.

Se wurde fêststeld mei tank oan de gearstaller.

7. Evaluaasje fan it kritejier 2024

Henk de Boer eidet it jier noch efkes troch. Nijjiersbesite, kabaret Noordenbos & Ko yn maart, de ledegearkomste yn april, de kriterimidei yn septimber, toaniel yn oktober en doe wie it kritejier al wer om.

It docht bliken dat net eltsenien de lêste kritebrief krigen hat. Der is wat mis gien foar de minsken dy't gjin e-mail hawwe. Tenei sil oan de kontaktpersoanen frege wurde om de brief ôf te drukken en rûn te bringen nei harren kontakten sûnder e-mail. De gegevens steane op de rinlisten foar de Pinne.

8. Jierferslaggen

8.1. fan de skriuwer

De gearkomste hat gjin fragen of opmerkings oer it jierferslach. It stie yn de lêste Pinne. It jierferslach wurdt fêststeld, mei tank oan 'e gearstaller.

8.2. fan de ponghâlder

8.2.1. eksploitaasjerekken 2024

Piet Ypma jout in taljochting op de sifers dy't yn de gearkomste útdield binne. Der is in tekoart fan € 224,88. De kommende jierren sil der elts jier wol in

tekoart wêze.

Der binne gjin fragen oer de eksploitaasjerekken.

8.2.2. balâns 2024

Der binne gjin fragen oer de balâns.

De gearkomste tanket de ponghâlder foar it wurk mei handsjeklap.

8.3. fan de boekeferkeap

De boekeferkeap levert dochs elts jier noch wat op. Froukje de Wilde seit dat se in protte nije (âlde) boeken krigen hat fan Hennie Wiersma, Aafje Miedema en Gé Oosterhoff. Der is no noch mear kar. De boeketafel is ek in meetingsplak. Yn 2024 binne foar € 40,- boeken ferkocht. Froukje fynt it noch hieltyd moai wurk en wol der mei trochgean. De gearkomste hat hjir applaus foar oer.

8.4. fan it kriteimeilibjen

Hennie Wiersma seit dat 2024 in wat oars jier wie, omt se in part fan it jier de kaarteskruiwerij net neikomme koe. Sietske Stegenga hat dit doe oernommen. Yn 2024 wie it net nedich om de kas oan te folgen.

Oersicht kriteimeilibjen 2023

	Yn	Ut
	111,60	167,2
Saldo	119,86	64,26
	231,46	231,46

8.5. fan de kaskommisje

De kaskommisje, hr. Toering en hr. Beldman, hat de boeken neisjoen. Gerard Beldman docht ferslach:

Lammert Toering en ik binne op 9 april nei Lettele west, want der wennet de ponghâlder. Lettele is in doarp ten easten fan Dimter en boppe Bathmen. It is in lyts doarp, mar it hat in tsjerke en in super. Hy wennet op in pleats, mar buorket net. Hy hat wol skiep en der binne hynders.

Nei de kofje mei oranjekoeke! kamen de sifers op 'e tafel. Alles útprinte en goed organisearre. Wy ha alles kontrolearre en alle fragen waarden goed beändere. Hiel dúdlik wie it.

Neitiid frege syn frou oft Piet slagge wie. Ja wis.

Derom freegje wy oan it bestjoer fan de Fryske Krite Fier Fan Hûs de ponghâlder désjarzje te verlienen.

12 april 2025, Lammert Toering en Gerard Beldman.

De gearkomste nimt dit mei applaus oer.

9. **Konsept begrutting 2025 en 2026**

Piet Ypma jout taljochting. De begrutting 2025 wie der al yn konsept. Foar 2026 is der noch net in begrutting. Yn dit jier sille wy it 125 jierrich bestean fiere, en der is op it stuit noch net dúdlik wat wy allegearre dwaan sille. As dêr mear oer bekend is, komt der in begrutting. Troch it tebekrinnen fan de ynkomsten is der in tekoart fan hast € 800,-. Dit is lykwols wol oer te kommen. Der is noch wol wat jild.

Theun Ruim freget nei de relaasje tusken Dorpshuis Ugchelen en Protestantse tsjerke. It Dorpshuis is Ugchelens Belang en de tsjerke is De Duiker. Op dizze twa plakken hâlde wy ús gearkomsten.

Fierder wudt frege nei 'Intree via bank': der binne guon minsken dy't de entree yn't foaren fia de bank betelje.

As lêste wurdt frege nei de post 'Skinking'; der binne guon leden dy't sa no en dan in skinking dogge. Dit gedrach wurdt oanmoedige 😊.

De konsept begrutting wurdt oannommen mei applaus.

10. **Beneaming nij lid kaskommisje**

Hr. Toering is ôftredend. Hy wurdt betanke foar syn wurk. Reservelid Gjalt Wester wurdt

kaskommisjelid neist Gerard Beldman. Fanút de gearkomste is der gjin oanmelding foar in nei reserve kaskommisjelid. It bestjoer sil de ledelist neigean en minsken benaderje. Der moat wol ien komme.

11. Bestjoersferkiezing

11.1. Skriuwer

Gerrit Stegenga is oan bar om ôf te treden, mar hat oanjûn noch wol in termyn trochgean te wollen. Der binne gjin tsjinkandidaten en dêrom giet dit troch.

11.2. 2^e ponghâlder

Froukje de Wilde (ek boekeferkeap) is ôftredend, mar hat oanjûn noch wol in termyn trochgean te wollen. Ek hjir binne gjin tsjinkandidaten en ek dit kin trochgean.

De gearkomste jout beide bestjoersleden in applaus.

12. Earje en wurdearje

Der wurde dit kear gjin spjildsjes útjûn.

13. Wurklist 2025 - 2026

- *17 septimber 2025* start it nije seizoen mei de kritermiddei yn de Duiker. Earst efkes mei de minsken fan it kritermeilbjen, dan mei de kontaktpersoanen en dernei... dat bliuwt noch efkes in ferrassing. En fierders:

- *Yn oktober of novimber 2025* faaks in lyts kabaretprogramma.

- *10 jannewaris 2026* de nijjiersbesite yn Ugchelens Belang.

- *28 maart 2026* hâldt it Keninklik Frysk Boun om Utens de Algemiene Gearkomste én de Moetings- en Ynspiraasjemiddei yn Apeldoarn. Fier fan Hûs is de gastkrite. Wy besykje dêr in kritermiddei oan fêst te knopen. Faaks yn Ugchelens Belang. Dit allegearre omt wy yn 2026 (9 desimber) 125 jier besteane as krite.

- *11 april 2026* de ledegearkomste yn de Duiker.

- *Yn september 2026* dan noch in kriteaktiviteit foar ús jubileum.

Fia de Pinne en de kritebrieven komt der mear ynformaasje as dat der is.

As de minsken gaadlike stikken witte, dan graach trochjaan oan it bestjoer. Dat jildt ek foar de ynfolling fan de kriteaktiviteit fan septimber. Yn boattocht wurdt al neamd.

Henk de Boer seit dat de Pinne yn 2026 wat mear siden krije sil yn ferbân mei ynformaasje oer it jubileum. Der kinne ek ferhalen/foto's fan leden yn, bygelyks oer it sjongkoar (Lammert Toering), de dûnsploech (Gé Oosterhoff), it toanielselskip (Theun Ruim) en de keatsploech?

14. Omfreegjen.

Hennie Wiestma freget oft tenei oanjûn wurde kin hoe let in aktiviteit ôfrûn is. Dit is benammen wichtich foar minsken dy't mei taxi of buske wer fuort moatte. It bestjoer sil hjir oandacht oan jaan.

15. Sluten

De foarsitter seit tank oan de oanwêzigen foar kommen en ynbring en slút de gearkomste.

Hjirnei komt Sippy Tichelaar te praten oer har boek 'Schippersvrouwen'. In moai en nijsgjirrich ferhaal.

April 2025

Gerrit Stegenga

Al jierren bin ik lid fan de bibleteek hjir yn Apeldoorn. Ik ha der wolris in boek weihelle, net faak. In hoart lyn wie ik der wer in kear. It is alhiel ferboud. Prachtich. Foar elk is der wat. Ûnderyn foar de bern, in glydsbaan giet derhinne. Der boartsje dêr altyn guon. In ferdjipping heger binne kranten, tiidskriften, romans. Dêr is plak om jin even del te jaan en dingen te lêzen. Je hoege gjin lid te wêzen om fan al dat moais te profitearen. Noch heger binne de boeken, folders en wittenskiplike stikken, foar de ljue dy't wat witte wolle. Oeral kompjûters en berokes dêr't je de saak goed yn jin opnimme kinne. At je ferlet ha fan wat drinken dan even nei it kafee flakbij. En dan is der it museum. Ek moai. Net fergees, helaas.

De lêste kear ha ik in boek fan Maarten't Hart meinommen. It giet oer wat der yn him omgie bij it ferstjerren fan syn heit. En de sfear derbij om him hinne waard útdrukt troch in gedicht fan Obe Postma.

J û N

*De jûn giet om it stille hûs;
Hja lústerje; elts hat syn dream.
't Is swalkjens skoft, wat lang fersonk
Sylt wer op libb'ne stream.*

*De frou, wêr't hja op wachtsje mei?
O wûnder wurk! Koe noch sa'n bloei
Him iepenteare maitiids-blank?
O jûn! o tinzen' licht gedjoei!*

*De wyn strykt troch it wintersk hôf;
De man giet mòi syn rûzich paad;
Dwylwegen nolk! O wylde bestean!
O frjemde tochten' djippe saad!*

*De bern dream' oer har bûnte print,
De kleur'ge wrâld fan prins en fee,
En weagje yn har lichte boat
In reis nei ûnbekende see.*

“Ik bekeek het gedicht alsof het een schilderij was en wist dat het zoveel voor mij betekende omdat het leek alsof het ging over mijn vader en mijn moeder en mijzelf toen ik nog samen met hen was geweest. Toen was de avond om het stille huis gegaan en hadden we geluisterd, elk met onze eigen droom, en alles wat lang verzonken was, had weer gezeild op de stroom van het leven”.

Het huisje van berouw

út Fryske folksferhalen Waling Dykstra

Yn Ljouwert oan'e greftswâl stie earder in hûs dat it huisje van berouw neamd waard. Werom waard op twa manieren ferteld. Ien sei: De man dy't it bouwe liet kaam út Indië mei in soad sinten; mar wylst it hûs boud waard rekken de sinten allegear op. Doe hie hij der spyt fan dat it bouwe litte hie. In oar fertelde: De man akkoarte mei de boumeester dat dy foar elke stien dy't hij foar it hûs brûke soe in bepaald bedrag krije soe. De timmerman make no, om safolle mooglik stiennen te brûken, de rûten sa lyts dat de eigner der spyt fan krige, dat hij sok healwizens mei de boumeester ôfpraat hie.

De staatsman Allard Pieter van Jongstal, ferneamd yn de skiednis, boude der in prachtich hûs flakbij, dêr't hij it grutste part fan syn fermogen oan joech. Dêrom waard dat hûs troch de ljue ek wol it hûs van berouw neamd.

In Memoriam Bero Ate Postma

Henk de Boer

Op 28 july i.l. is Bero Ate Postma ferstoarn. Hy wenne al in pear jier net mear thús. Bero siet fanôf april 2012 oant april 2022 as twadde foarsitter yn it bestjoer fan ús krite 'Fier fan Hûs'. Yn dy tiid soarge hy ûnder oaren foar de advertinsjes yn de Pinne. Bero wie tige handich. Sa reparearre hy ús findel, sadat wy dat wer opsette koenen by ús kriteaktiviteiten.

Hy soarge der ek foar dat de Fryske flagge in plakje krige yn de seal. Ek siet Bero in stikmannich jierren yn de kommisje dy't dwaande wie mei de Fryske tsjerketsjinsten yn de Kapel yn Hoog Soeren. Dit wie eins gjin ûnderdiel fan de krite, mar in protte leden makken wol fan de gelegenheid gebrûk en wenje de tsjinst by. Wy dienen noait om 'e nocht in berop op Bero.

Foar syn ynset foar de krite, mar foaral ek foar syn ynset foar it Christelijk Apeldoorns Mannenkoor krige hy in pear jier ferlyn de Keninklike Underskieding Ridder in de Orde fan Oranje Nassau.

Wy winskje syn famylje en yn it bisûnder syn frou Akke en har dochters alle sterkte om dit ferlies te dragen. Wy sille ús Bero yn de tinsjen hâlde sa't hy wie.




Pronkkamer in Fogelsangh State Feankleaster

H.A.S. H.A.S. H.A.S. H.A.S. H.A.S. H.A.S. H.A.S. H.A.S. H.A.S. H.A.S.

H.A.S. H.A.S. H.A.S. H.A.S. H.A.S. H.A.S. H.A.S. H.A.S. H.A.S. H.A.S.



Speulderweg 24
3886 LB Garderen
Tel (0577) 41773



Yn Fryslan.

Froukje de Wilde

Wylst ik dit skriuw is it al wer de lêste wike fan augustus. Wat in simmer mei twa kear in waarmteweach!! Ik ha der eins gjin lêst fan ûnderfûn. Yn ús kelder wie it wat de temperatuer oangiet bêst noflik.

Wy wienen yn july noch in pear dagen yn Snits mei twa kear oernachtsje yn it fan der Valk hotel by de A-7. Het hotel leit neist it moaie Burgemeester Rasterhofpark op in ôfstân fan ûngefear 3 km fan it sintrum fan Snits. Oait wie dit in dumpplak foar ôffal. It is der no prachtich en jo kinne der fytse, kuierje ensfh. En it is ek mooglik om troch dit park nei Snits te rinnen. Doe troffen wy by ien fan de brêgen in brêgewachter en kamen mei dizze man yn petear.



Hy sei: dat it wis de muoite wurdich wie om it skipfeartmuseum te besikjen. It bliek al rillegau dat de brêgewachter in entûsjast supporter fan dit museum wie. No kin ik sizze: It is wier; it is nysgjirrich, d'r falt in soad te besjen. De VVV hat ek sitting yn dit gebou.

It Snitser skipfeartmuseum is alle dagen iepen.



Ôfbylding fan de tagong fan it skipfeartmuseum in ôfbylding fan 'n prachtich sulvren siervoorwerp út de pronkkeamers

Der wie ek ynformaasje oer de skippersfroulju beskreaun yn it boek fan Sippy Tichelaar. Elkenien kin ik dit museum oanriede

Ynformaasje oer boeken fan Aafje Miedema


Froukje de Wilde

Aafje Miedema woe graach wat boeken oan de Krite jaan. Sy soe ferhúsje nei it Hearrevean en dat besjutte foar har opromje, opromje sa ek boeken.

Tegearre hawwe wy dizze boeken besjoen en úteinlik gie ik mei in tas fol krease boeken wer nei hûs.

Hjir ûnder inkele titels fan de boeken dy't op ús kriterium ek yn te sjen binne. Aafje kaam meastal efkes nei de boeketafel; sy mocht graach leze. Ik sil har misse.


- **Jimme wegen binne oars** K. Stel
 - **De beste fryske ferhalen** Tiny Mulder
 - **Heil om Seil** Hylke Speerstra mei tekeningen fan Anne Tjerckstra
 - **Myn oer pake en ik** James Krüss
 - **It blau fan de Hortinsje / Heech gers** Baukje Wytsma, gedichten
 - **De tsien fan Martens Afke** Nynke fan Hichtum mei yllustraasjes fan Tseard Bottema
 - **Het verhaal Wûnseradiel**dat âlde, âlde paad. Klaas Jansma (yn it Nederlânsk skreaun)
- In moai boek mei foto's en sa mear.
- **De Kâlde Krústocht** Hylke Speerstra
 - **De troostvogel** fan Hylke Speerstra krieg ik fan in freondinne.



- **De beam fan belofte** Yn dit boek siet in kranteknipsel oer it libbensferhaal fan Gerrit Damsma.

Fryslân sjongt

Froukje de Wilde



By dit ferske ut Fryslân sjongt moast ik tinke oan de skippersfroulu fan Sippy Tichelaar.

It is faak ferrassend hokker boekjes d'r foarby komme.

Froukje de Wilde



Sa ek in âld brullofts boekje "**Fryske Brilloftswille**" mei stikjes, ferskes dy't yn 1927 al foar it fuotljocht brocht waren. Dit boekje hie in omslach fan it Friesch Landbouwbld ek fan 1927. It boekje en de omslach binne seer kwetsber en dat is sichtber.

As bern ha ik by ús op it doarp noch in kear in Brulloftsfeest meimakke wat syn beslach krieg yn de skuorre fan in buorkerij. We siten oan lange smelle tafels bedekke mei wyt papier. Sjonge en ferskate stikjes binne doe foar it fuotljocht brocht. It wie tige geselliche jûn!

Oant sjen op de kritermiddei en graach ek by de boeketafel.



Fleurop



bloemen met een boodschap

Wy binne net de grutste en wis ek net de goedkeapste. Wat wy wol bewoare:

Wy hawwe in grut assortimint tsjin reedlike prizen.

Jo moatte mar ris komme te sjen !!!

H.J. STEGEMAN

Email: margrietbloemen@vbw-groenplein.nl

www.flowerserviceapeldoorn.com

Schubertlaan 20, 7333 CV Apeldoorn, Till. 055-5332655

KADOOTSJES ÚT IT FRÂNSK

Avesearje, risselwaasje, absolút, perfoarst, ferdivedaasje, nonsjalant, sekuer, sjirurch, wizânsje....

Wat al dy Fryske wurden mien hawwe? Dat it Frânske lien wurden binne. De Frânske ynfloed op it Nederlânsk en it Frysk begjint al yn de fjirtjinde iuw as Frânsktalige foarsten de baas binne oer Nederlân. De flecht fan de Hugenoaten (Frânske protestanten) yn de santjinde iuw nei Amsterdam hat ynfloed op it Nederlânsk en it Frysk, en ferjit net de ynfloed fan de Napoleontyske tiid (1795-1813).

Yn de njoggentjinde iuw wurdt it Frânsk sels de taal fan de elite, ek fan Fryske.

Jan mei de pet is net wend oan dy frjemde wurden. Logysk. Lear mar ris in taal as der noch gjin algemiene learplicht is, gjin radio, telefyzje of sosjale media. Yn de folksmûle wurde de Frânske wurden algau oanpast oan it Frysk.

Dy boargerje sa yn dat net ien der mear frjemd fan opsjocht. Avesearje* komt fan avancer, mankelyk fan mélancolique, wale* fan voile en de útdrukking "wat der op it aljemint komt"* fan alignement.

Allegear kadootsjes út it Frânsk dus!

(GvdM)

Avesearje = opschieten

Wale = sluier

Wat der op it aljemint komt = wat er aan de orde komt

Tusken de buien troch hawwe noch 17 minsken de Duiker jûn. De kofje en th   mei koeke wie hearlik en doe startte in nijsgjirriche middei. Omdat wy dit jier 80 jier liend befrijd binne, is it   nderwerp de twadde wr  ld oarloch.

Pongh  lder Piet Ypma had him dwaande h  lden mei it sammeljen fan ynformaasje oer dy tiid en mei it bestjoer hawwe se in moaie middei foar de leden fersoarge.

Men kin in protte fine op it internet. Op Frysl  n dok is in searje   tstjoerd nei oanlieding fan 70 jier befrijing. Nou fiere wy al 80 jier befrijing, mar men kin it noch altyd neisjen op de komp  ter. It is in histoaryske dokumint-searje. Tige bis  nder is de searje Smokkelb  rn. Fan Amsterdam, der't de Joadkse minsken biinoar brocht wiene

yn de Hollandsche Schouwburg, waard in grutte smokkel-aksje organisearre. De poppen en beukers waarden mei groepkes fuortbrocht nei in kres oan de oare side fan de strjitte en troch jonge famen mei de boat oer de Isselmar nei Frysl  n smokkele. De kapitein fan it skip seach altyd deselde famkes mei oare bern, mar hy hat him stilh  lden. Mei help fan d  mnys, pastoors, dokters en skoalmasters krigen se in goed plakje op it Fryske l  n, faaks yn it noarden. In strjitte yn Holwerd hie h  s aan h  s flechtlingen. Se hawwe hast allegearre de oarloch oerlibbe. In de dokumint-searje waard it libben fan in oantal van de smokkelbern beljochte. It die bliken dat se it net maklik h  n hawwe. Faaks wiene de eigen   lders al stoarn en as se al noch libben, dan wiene se frjemden wurden foar de bern.

De wat   lderen krigen in sk  lplak, gongen nei skuolle, mar moasten harren mei besite fan de "Landwachten" stil h  lden efter de bedstee of efter in kast as de pleatsen trochsoacht waarden.

Benammen Kris van der Helm   t Ljouwert en syn freondinne hawwen in protte minsken r  den. Troch   ngelok en ferrie binnen se beide deasketten.

Yn de twa kear skoft yn de middei ferhelje Sannie en Jos   noch fan harren oantinken dat by harren pake en beppe ek flechtlingen op it hiem wiene.

Jimme kinne it weromsjen op Internet via Google   nder "*Video's van smokkelbern*" of fia de link <https://www.youtube.com/watch?v=fbvov5S9ggQ&t=69s>

De oare tiid yn de middei spielden wy bingo mei bingolieder Henk. Der wiene aerdiche pryskes, fersoarge troch Lammert. Sels   s lid L  tske gong mei stroopwafels nei h  s.

It wie in goed slagge en nijsgjirriche middei en elsenien gong fleurig nei h  s ta.



Kontaktpersoanen

Dhr J. Nieuwland	2e Johannesstraat 19, 7331 CE Apeldoorn, 055-5332130
Dhr. S.P. Hofstra	Prins Mauritslaan 7, 7316 EL Apeldoorn 06-49101989.
Mefr. A. Dwarshuis – van Driel	Zwolsesweg 40, 7315 GM Apeldoorn 055-5220114
Dhr. L. van der Meulen	De Parkelaar 11, 7339 JC Ugchelen, 055-5341500
Mefr. S. Stegenga – Schilstra	Germanenlaan 26, 7312 JA Apeldoorn 055-3556700
Dhr. L. Toering	Wim Helderlaan 13, 7334 CR Apeldoorn, 055 5338734
Mevr. D. Jonker	Gildenlaan 377, 7329 EC Apeldoorn 06-21640877
Mevr. S. van Dijk	Warengaarde 790, 7329 GR Apeldoorn 06-23096349
Dhr. P. Slump	Sluisoordlaan 29, 7323 EK Apeldoorn 055-3667565
Mefr. A. de Boer – Holwerda	Lindelaan 22, 7391 JZ Twello, 0571-273036
Mefr. F. de Wilde – Witteveen	Rentmeesterhof 7, 6961 DB Eerbeek, 0313-654859
Dhr. G. Beldman	Het Have 12, 7232 DT Warnsveld, 0575-525504
Mefr. A. Roorda – Kooistra	Karel de Grotelaan 221, 7415 LV Deventer, 0570-591174

Ut 'e Pinne is it ferieningsblêd fan it Frysk Selskip 'Fier fan Hûs' Apeldoorn

Utjefte: Frysk Selskip "Fier fan Hûs" Apeldoorn, 59^e jiergong nûmer 1 septimber 2025

Redaksje: Henk de Boer, De Wezeboom 4, 6971 HP Brummen, 06-53929111

henkank.deboer48@kpnmail.nl

Lidmaatskip

Frysk selskip "Fier fan Hûs" Apeldoorn

Ynlage foar in jier € 15,00

Betankje allinnich skriftelik en foar 1 novimber by de skriuwer. Op 1 novimber wurdt it lidmaatskip automatysk mei in jier ferlinge.

Kontribúsje betelje op NL67 RABO 0303 3512 17 o.n.f. Fier fan Hûs

FUTURUM

IK WIL

DE BESTE

FIETSBROEK



Een veilige haven
in moeilijke dagen



ROUWCENTRUM

Rouwenhorst

SINDS 1901

Christiaan Geurtsweg 24 - 26

7335 JV Apeldoorn

055 - 5414089 (dag en nacht)

www.rouwcentrum-rouwenhorst.nl

